

Grut tsjerkegebed

Wa't foarbea docht yn tsjerke is op dat stuit mûle fan 'e gemeente.

In foarbea yn tsjerke bestiet út:

1. tanksizzing,
2. foarbea foar de wrâld,
3. foarbea foar de tsjerke
4. foarbea yn need (ynklusyf persoanlike foarbeden).

De foargonger of foarbidder kin foar dy fjouwer haadstikken in kar meitsje út de gebedens dy't hjirûnder folgje. Sa kin hy/sy syn/har eigen gebed gearstalle om de gemeente yn foar te gean. De struktuer fan it gebed kin foar harren dy't meibidde oanbrocht wurde mei ynliedende wurden as: 'Wy freegje Jo foar de wrâld', 'Wy freegje Jo foar de tsjerke', 'Wy freegje Jo foar ússels en foar inoar'. Fansels kin de tekst oanpast wurde oan de aktualiteit fan dy snein.

Tanksizzing en foarbea

1. Tanksizzing

1.1. Tank oan de Skepper

Machtige God en Skepper fan himel en ierde,
Jo jouwe ús waarmte om te libjen.
Wy seagen ûnderweis jo sinneljocht (it frisse grien fan de tunen, jo bloeiende beamen, de gouden kleuren fan 'e hjerst, jo snie)
en tankje Jo foar dat bysûndere geskink.
Wy priizje jo leafde dy't yn dit seizoen
it lânskip syn eigen gesicht jout,
mei jo wolken en loften,
as hieltyd wikseljende skilderijen dêrboppe.
Wy hearden fan 'e wike
de stim fan 'e tonger (de stoarm, de rein, de wyn, de hagel)
dy't jo stim is.
Wy oanbidde jo majesteit dêryn.

1.2. Tank oan de Heit en de Soan

Hillige God en Heit fan Jezus Kristus,
tankewol foar dizze dei
dat wy by Jo komme meie.
Wy priizje Jo foar jo goedens.
Jo hawwe yn 'e wyldernis fan 'e wrâld
Jo Soan jûn
as bereisbere wei nei Jo ta.
Tank foar dy nije libbene wei:
ús Hear, Jezus Kristus.

1.3. Tank oan de Rêder

Hear Jezus, Soan fan God,
Jo dy't fan boppe by ús kaam binne
om ús te rêden út 'e macht fan it kwea,
wy tankje Jo foar jo befrijende wurk.
Sûnder jo bloed
hie der foar ús gjin ferjouwing west,
sûnder jo offer
hie der foar ús gjin gerjochtichheid west by God.
Tankewol dat Jo it goed makke ha
tusken God en minsken,
mei jo stjerren oan it krús.

1.4. Tank oan de Hillige Geast

God fan leafde en genede,
ús tank foar Jo is grut
want Jo hawwe ús hjir byinoar brocht
om jo stim te hearren
en om inoar te sjen,
En dat, wylst wy fan ússels
gjin each ha foar inoar,
gjin earen ha nei jo wurd.
Jo feroarje ús hieltiten wer, leave God.
Dêrfoar binne wy o sa tankber.
Wy priizje Jo foar jo hieljende wurk.

2. Foarbea foar de wrâld

2.1. Oerheden

Hear, dy't boppe ús troanet,
Jo hawwe ús de opdracht jûn
en bid foar oerheden en rjochters.
Wy bidde Jo, jou wiisheid
oan ús gemeentebestjoer: de wethâlders,
ús boargemaster, de riedsleden.
Jou dat sy opkomme foar minsken
en ynfieren soarch en omtinken foar har hawwe.
Wolle Jo wat sjen litte fan jo keninkryk,
troch goede minsken te jaan by ferkiezings.
Besterkje alle polysjeminsken
by har taak yn dizze stêd (op dit doarp).

Hear, de herten fan keningen
binne yn jo hân as wjitteringen,
Jo liede se dêr't Jo harren ha wolle.
Lied dêrom de bestjoerders fan ús stêd (doarp) sa
dat sy ta wolwêzen fan minske en dier binne.
Jou wiisheid oan de politisy yn Den Haach,
dat sy foarbylden binne,
net tarre en smarre,
mar ferstannich lieding jouwe.

Betink ús kening(inne) en de keninklike famylje
by alle taken en ferantwurdlikheden
fan har hege amt.

Hear, Jo hawwe ús allegear berne litte wurden
op in plakje yn jo wrâld.
Wy bidde Jo foar machthawwers
hjr en yn gâns de wrâld,
presidinten en premiers,
regearingslieders en keningen,
diplomaten op heech nivo.

Lit plús en posysje net har earste soarch wêze,
mar lit har tsjinstber en ynteger wêze.
Lit harren beseffe dat sy it binne
dy't foar minsken it ferskil meitsje kinne
tusken heard wurde en near derop lein wurde,
tusken sjoen wurde en de eagen út 'e holle sjoen wurde,
tusken libje yn frijheid en finzen wêze.
Jou harren de krêft om de frede te tsjinsjen
en de gerjochtichheid.

Hear, wy bidde foar alle oerheden
troch wa't Jo ús regearje wolle:
jou harren omtinken foar de minsken dy't se liede,
jou harren leafde foar it lân dat se bestjoere,
jou harren earbied foar alles dat Jo harren tabetroud ha
en wiisheid by it nimmen fan besluten.
Lit harren bydrage ta frede en gerjochtichheid
hjr en oeral oars.

Wy bidde foar kristenen yn 'e politike arena,
wês harren temear in stipe
en jou harren wurden krêft.
Meitsje dat wy allegear wat yndrage meie
ta de stêd fan frede yn, dy't komt.

2.2. Frede

God fan frede, wy bidde Jo
yn dizze wrâld dy't in oarlochsgebiet is,
jou jo frede in ús relaasjes:
manlju en froulju, âlders en bern,
dat sy, ja, dat wy
it paad nei inoar weromfine.
Jou frede tusken broers en susters
yn 'e tsjerke en yn 'e famylje.
Lit ús eagen suver wêze
yn 'e omgong mei freonen en kollega's.
Hear, wolle Jo hielje
wat stikken gong is.

Jo, Hear, dy't jo ingels sjonge lieten:
'Frede op ierde!'
bidde wy om frede mei Jo,

troch Jezus Kristus, jo Soan,
mar wy tinke ek oan 'e oarloch yn ...,
no't safolle minsken op 'e dyk te stjerren lizze.
Safolle bloed en triennen –
minsk binne dôchs kostber yn jo eagen?
Hear, sjoch om nei jo minsken dêr!
Sjoch om nei de bern, de memmen, de heiten.
Meitsje dôchs in ein oan it bloedferjitten.
Ûntfermje jo, barmhertige God.

Heit fan Jezus Kristus,
de grutste fredesmissy hat jo Soan
op ierde folbrocht.
Dêrom doarre wy it oan en freegje
om help foar de soldaten
dy't arbeidzje yn tsjinst fan 'e frede
oeral op ierde.
Jou harren krêft, Heit (mei nammen ús ...)
dat sy wat betsjutte meie te'n goede
en helpe meie de fijânskip ta in ein te bringen.
Jou harren moed om fier fan hûs te wêzen
en lit harren jo help en krêft hieltyd wer fernimme
by har militêre taak yn die ferlitten oarden.
Besterkje ek har beminden,
dy't op harren wachtsje.

Genedige God, wy fertrouwe op Jo
at wy bidde foar de relaasje tusken de staat Israel en it Palestynske folk.
Trochbrek de ûnwilligens om frede te sluten mei elkoar,
hielje de djippe wûnen, dy't slein binne.
Nim de sûnden wei út Jakob en út Ismaël alle haat
en iepenje de herten foar it evangeelje fan Jezus Messias,
dy't ferskynd is.

2.3. *Israel*

God fan Abraham, Isaäk en Jakob,
Jo ha jo Messias berne wurde litten
út it folk fan Israel.
Jo ha de triennen fan jo bern Paulus sjoen,
doe't syn hert gûlde om syn Joadske broers en susters
dy't jo Soan fersmiten hienen.
Wy bidde Jo mei Paulus en mei gâns jo tsjerke:
Kear Jo net ôf fan it Joadske folk,
mar iepenje it de eagen foar it ljocht fan 'e wrâld,
foar Jezus, dy't Jo gloarje útstrielt.

God fan frede,
ta Jo bidde wy foar it folk fan Israel
dat wennet yn it lân fan 'e belofte
of útstruid is oer de wrâld.
Tink oan harren dy't treurje
om famyljeleden dy't omkaam binne,
dy't libje moatte mei bylden

fan tiranny en ferneatiging en dea.
Help harren by it bouwen
oan in takomst fan frede.

Almachtige God fan de Sinai,
Jo hawwe in folk útkeazen
om in altyd duorjend ferbûn mei te sluten,
bleau trou oan Israel.
Lit it de glâns sjen fan jo hearlikheid
yn de dea en ferrizenis fan Jezus, de Messias.
Lit in protte Joaden sa fier komme dat se Him oannimme en oanbidde.
Jo, dy't net sichtber binne foar minske-eagen, kamen yn Kristus op ierde
en lieten sa Josels sjen oan 'e minsken, alderearst oan Abrahams bern.
Jou dat krekt dy bern fan Abraham
Jezus no sjogge en oanfurdzje as harren rêder en kening.
Wy bidde om bekearing fan it Joadske folk,
Jo folk Israel – lit it skûlje oan jo hert, troch jo Geast.
Trouwe Heit, Jo hawwe jo folk net ferstjitten!
Lit ús meiwurkje oan Israels behâld troch ús gebed
en ek troch by harren it ferlangjen wekker te meitsjen nei de rêding troch Jezus.

Jo hawwe Jo ûntferme oer ús, hast allegear ôfkomstich út de heidenen,
ûntfermje Jo Jo dôchs folste mear oer dy Joaden, dy't no noch jo Messias fersmite.
Hoeder fan Israel, bring ús gear troch it offer fan Kristus, dat likegoed foar ús as foar harren
brocht is.

God fan Abraham, Isaäk en Israel,
wy priizje Jo om jo trou oan jo âlde folk.
Jo hawwe it opstean litten út it grêf fan de ferneatiging
en it in thús jûn yn it lân fan de bibel.
Mar jo ryk fan frede is Israel net.
Nearne wurdt jo Messias sa mist as krekt dêr.
Dêrom bidde wy en freegje Jo:
Beskermje de Joaden tsjin de haat fan de folken om harren hinne.
Jou harren de krêft en de wiisheid om steande te bliuwen.
Trochbrek de spiraal fan haat en ferjilding.
Lit de Palestinen ek hûzen bouwe meie om yn te wenjen
en lit harren ek wyngerds plantsje en de frucht dêrfan genietsje.

Lit Joaden, moslims en kristenen mei elkoar knibbelje
rûnom it krús fan Jezus fan Nazareth, kening fan Joad en heiden.
Brek de muorre, dy't skieding makket ôf
en meitsje fan dizze twa folken ien,
yn jo leave Soan.

2.4. Mienskip

Hear, wy bidde foar ús mienskip
jo brutsen wrâld,
wêryn't wy as lytse en grutte diggels
gjin ienheid fine kinne
en wêryn't wy elkoar noch fierder stikken meitsje.
Ús lytse wrâld hat him iepentear.
En sa moetsje wy minsken fan alderhande folken, stammen, naasjes en talen,
somsiden bliuwe se ferburgen efter walen en doeken.

Jou ús dat wy elts minske alderearst as in skepsel fan Jo sjogge.
Help ús om oare minsken te stypjen en om pine te fernearren.
Jou ús dêrfoar jo leafde yn ús hert.

Heit, wy libje yn in wrâld mei in bûnt ferskaat.
Wy bidde Jo dat wy helder yn jo wurd sjogge
hoe't Jo fanôf it begjin
gesinnen, famyljes en folken ûntstean litten hawwe,
yn alle kleuren en mei alle talen.

Jo sjogge ek de inkeling stean,
Jo wolle foar him of har in boarne wêze,
in hân dy't stipet, in eachopslach fol leafde.
Lear ús om sá te libjen mei de minsken om ús hinne.
Segenje alle ynspannings om ta frede te kommen.

Heilân, Jo sille in kniesde reidstâle net brekke
en in wifkjend oaljepitsje net útpûste.
Dêrom bidde wy foar de minsken dy't yn de sûnenssoarch wurkje
de sikenfersoarchsters, de ferpleechkundigen, de dokters
en alle helpers dy't op it mêd fan sûnens en sykte yn 't spier binne.
Bestjoer Jo harren tinzen en dwaan
mei it each op harren dêr't se foar soargje moatte.
Jou wiisheid by drege beslissings
en feardigens as de tiid koart is op de grins fan libben en dea.

Hear, jou ús moed troch jo wurden.
Jou krêft oan ús siel, wannear't wy iensum binne,
at wanhoop ús driigjend ynslút,
at wy gjin wurk hawwe,
of at wy sels minsken dien jaan moatte,
at wy oan hûs bûn binne
of at wy benaud binne om earne te wêzen,
at wy ien dêr't wy fan hâlde, fuortsakjen sjogge.

Wolle Jo ús weihele út de toarre plakken fan ferslaving
oan drank, jild, porno, iten, drugs.
Jou dat wy sêd reitsje
omdat Jo tichteby ús binne.

Hear, tink oan jo minsken dy't lije,
minskens dy't ferslave binne, hiel jonge memmen, famkes noch,
minskens dy't op dyk rekke binne,
minskens dy't fêst sitte yn twifels fan binnenút en driging fan bûten,
jongerein dy't harren sels de muoite net wurdich fine,
minskens mei grutte skulden.
Wolle Jo troch jo Geast wat goeds yn harren libben begjinne,
sadat se wer moed en hope krije.

Segenje alle helperliening,
lit jo Namme eltsenien ta help wêze,
en lit ús útsjen nei de dei fan Jezus Kristus.
Wêr't leafde is, is gjin plak foar haat.
Jouwe Jo jo segenjende leafde oan allegearre

dy't wurkje mei minsken:
op skoallen, universiteiten, op 'e dyk,
yn winkels, op kantoar, yn 'e bedriuwen.
Lit eltsenien syn of har wurk trou dwaan
yn tsjinst fan de mienskip en fan Jo.
Sterkje allegearre ta harren taak.

Hear, lit ús net te syl gean op ús eigen ynsjoch
mar lit ús ús stipe by Jo sykje.
Wês foar de lytse poppen as in heit en mem.
Wês foar de bern in feilich hûs.
Wês foar de jongerein in thús mei muzyk en dûns.
Wês foar de âlderein in sterke stêd.
Wês foar de minsken dy't stjerre in stjer
dy't harren winkt ta harren ivige hûs.

Meitsje ús sterk Hear, sadat wy net sleau binne,
mar tawijd bliuwe oan ús taak.
Stypje dyjingen dy't grutte ferantwurdlikheden drage,
ferkearslieders op in fleanfjild, seelju,
minskens by de brânwar, wetterbehearders,
heiten en memmen, prekers fan it geheim fan jo Wurd.

Jo hawwe ús opdroegen ús fijannen leaf te hawwen,
dêrom bidde wy Jo om leafde,
no't wy fernimme hoe'n ferskuorrend tekoart wy dêrfan hawwe.
Hoe kinne wy leafhawwe, Hear,
no't wy sa knoeid wurde yn ús frijheid om Jo te tsjinjen,
yn ús stribjen om as frije boargers yn dit lân te libjen.

Jou romte foar it trochwurkjen fan jo Wurd,
foar de ferkundiging fan jo evangeelje,
foar it wer yn oarder meitsjen fan it deistige libben.

2.5 Rjochtfeardigens, rjochtspraak

Rjochtfeardige God,
yn dizze wrâld fol ûnrjocht bidde wy ta Jo.
Ut de psalmen kenne wy Jo as in God
dy't saken wer rjocht makket.
Wy bidde Jo foar lannen en folken
dy't lije moatte ûnder de slaande hân
fan in kwea-aardich rezjym,
dêr't minsken terrorisearre wurde
en dêr't willekeur hearsket,
dêrst bang wêze moast foar de plysjes.
Set it wer rjocht, Hear.
Kom op foar harren dy't ferdrukt wurde,
foar namleazen, dy't gjin helper hawwe.
Lit de lieders, dy't it heech yn 'e holle hawwe, omfalle as beammen,
harren misdiedige fertakkings ôfstjerre,
sadat harren slachtoffers it sjogge en Jo priizgje.

God fan befrijing, Jo hawwe sjoen hoe't jo Soan

ûnskuldich feroardiele waard.
Jo witte fan it lot fan withoefolle dy't ûnskuldich lije
yn finzenissen, yn wurkkampen, yn konteners.
Hear, wy smeke Jo, bring in kear yn
harren omstannichheden, jou befrijing.
Jou heiten werom oan harren gesinnen,
jou foargongers werom oan harren gemeenten.
Jou froulju de frijheid om harren te ûntjaan
nei aard en bestimming.
Wy stelle heger berop yn by Jo, Hear,
wolle Jo rjocht meitsje wat krom is.

Rjochter fan de wrâld, Jo sille komme
om te oardielen de libbenen en de deaden,
jo libjende gemeente ropt Jo oan
om it ûnrjocht op ierde,
om de korrupsje dy't der is,
om rjochtspraak dy't it rjocht ferdraaid,
en ek om leagen en bedroch yn ús hert.
Hear, ûntfermje Jo.
Heit, sjoch it ûnrjocht hjir op ierde.
Wy bidde Jo om rjochtfeardige rjochters,
om yntegere offisieren fan justysje,
om abbekaten sûnder wryt of slyt.
Wy bidde ek foar de plysjes, foar de meiwurkers by de rjochtbank.
Jou de rjochters krêft, ynsjoch en ûnderskiedingsfermogen
en jou moed om earlik rjocht te sprekken.
Bring dieders en slachtoffers ta besef fan jo namme
en ferjou ús ús skulden.

2.6 It bestriden fan hongere, earmoede, ûnrjocht

Boarne fan it libben, wy tankje Jo foar it deistich brea
foar sûn wetter, foar skjinne klean en ûnderdak.
Help ús dôchs om dizze jeften earlik te ferdielen
oer hiel de wrâld
sadat gjin ien hongere hoecht te lijen
en gjin bern hoege te stjerren fan toarst
en gjin bisten omkomme troch de droechte.

Boarne fan it libben, lit jo antwurd
yn it hert fan jo gemeente opbrûzje
sadat wy mei elkoar dogge wat jo wolle.
Himelske Heit, dy't jo Soan as manna
út de himel delkomme lieten
om foar minsken it himelsk brea te wêzen,
wy bidde Jo foar de minsken dy't hongere lije,
dy't libje ûnder de earmoedgrins,
dy't harren bern skriemen hearre om iten en neat hawwe,
help harren troch ús hannen, Hear,
troch dit gebed,
om oan dit ûnrjocht in ein te meitsjen.
Jo namme is dôchs JAHWE, Ik bin.
Wol dan by harren wêze, Hear
en segenje alle minsklike ynspanningen

om wurk te finen, om it iten better te ferdielen.
Jou rein, wêr't it al skoften yndroech is.
Lit de rispinge slagje.

Hear, hjoed meie wy diele yn jo jeften fan bôle en wyn.
Wy tankje Jo dêrfoar.
Wy beliede Jo ek, dat wy libje yn in lân fan wielde,
as in generaasje sûnder grinzen.
Lear ús dôchs ús wetter en brea te dielen mei de alderearmsten,
jou dat wy maat hâlde yn ús iten en drinken, om harren.
Jou oan ús de jeffe fan selsbehearsking.
Help ús om harren te helpen, dy't de finansjele krisis net feroarsake hawwe
mar dêrtroch wol yn finansjeel swier waar kommen binne.
Rike God fan libben en oerfloed
at wy tinke oan de earmen yn dizze wrâld bidde wy:
Jou ús de middels en de mooglikheden
om jild en guod op it goede plak te krijen,
dêr wêr't it nedich is.
Meitsje de wegen rjocht en sljocht en begaanber,
meitsje de oerheden fan herte reewillich om transporten fan iten en medisinen ta te stean.
(Wolle Jo it wurk fan ús broer en/of suster ... dy't yn ...
wurket oan de ferbettering fan de libbensomstannichheden
fan de minsken dêre, segenje.)

2.7 Iten en drinken, lânbou en ekonomy

Skepper fan dizze ierde, fan seeën en himelen,
wy priizgje Jo foar fan wat lân en wetter ús opbrochten.
Safolle kleuren en swietrook, safolle foarmen
wêryn't de rykdom fan jo skepping te sjen is.
Jo iepenje jo hân om minske en dier te iten te jaan.
Jou dat wy it earlik ferdiele,
ús net te bûten geane oan egoïstyske selsferriking.

Lykas fûgels efter in lânboutrekker, út op iten,
sa is jo gemeente by elkoar
en hungeret en longeret nei jo Wurd, Hear.
Meitsje ús dêrtroch sterk, en lear ús om jo wil te dwaan,
just at it giet om iten en drinken.
Yn ús rike Westen binne der in protte ferliedings
om al mar mear te keapjen en hawwe te wollen.
Lear ús om genôch te hawwen, om stil te wêzen
by jo goedens, dy't mear as genôch is.
Jo ús de jeffe fan selsbehearsking en goederjouskens.
Heit, Jo hawwe jo prachtige skepping yn ús hannen lein.
It wienen ús habbiges fingers dy't dy skepping tenei kaam is,
wy hawwe smoarge hannen makke
by it leechrôvjen fan de ierde
en it byelkoar klauwen fan jild en guod.
Minsken waarden ta slaven makke, ja sels bern waarden útrûpele.
Nim ús skuld fan habsucht, ûnrjocht en ûnferskilligens wei.
Ferjou ús it fergriemen fan wetter en enerzjy.

Hear, tankewol foar wat der groeit op it lân,
foar wat der oan rykdom skûlet yn de ierde.

Help harren dy't siedzje en rispje moatte,
dy't boaiemskatten winne en ferwurkje moatte.
Segenje ús krewearjen om goed wurk te fersetten mei holle en hannen,
mei leafde en ferstân.
Segenje it sied dat siedde is.

Hear, Jo witte dat wy ús jild útjouwe oan saken dy't nedich binne,
mar ek oan saken dy't net of minder nedich binne.
Wy bidde Jo foar minsken op hege posten en in kar meitsje moatte.
Jou de minister fan Finânsjes wiisheid en moed foar syn ferantwurdlike taak.
Stypje harren dy't yn de finansjele sektor harren wurk hawwe.
Jou harren earlikens, kennis en fiizje.
Rop yn ús it ferlangen op, net nei ûnwisse ierdske rykdom,
mar nei de rykdom fan jo goedens.
Want elk tekoart fan ús kant sille Jo dôchs oansuverje
út de oerdiedigens fan jo majesteit, troch Jezus Kristus.

2.8 Soarch foar it miljeu

Hear, ferjou ús ús habsucht
dy't neat oars is as ôfgoaderij.
Dêrtroch hawwe wy de seeën leechfiske
en de ierdboaiem útrûpele.
Bistesoarten binne ferdwûn, guon fûgels en fisken binne útstoarn.
Foar ús, minsken is oergewicht in bedriging oan it wurden.
Wy bidde om ynsjoch en ferantwurdlikens om
de enerzjyboarnen as ierdgas en oalje, dy't yn dizze planeet opslein binne.
goed te brûken.
Lear ús mjitte te hâlden en goederjousk te wêzen
Lear ús te genietsjen fan in piipskoft rêst.
Wy bidde Jo, dy't mei griene tûken ynhelle waard,
om it behâld fan it libbene lânskip,
sadat de rivieren yn 'e hannen klappe kinne, de bergen mei-inoar jubelje,
de hichten oerklaaid mei jubel,
de fjilden besiedde mei keppels,
de dellingen oerdutsen mei nôt.
Dan sille wy mei fjild en see jûchheie:
Eare oan God by wa't wy beskerming fine.

Skepper fan himel en ierde, help ús om goed te soargjen
foar wat jo skepen hawwe:
de fûgels, dy't sa wûnderlik lâns de himel fleane nei fiere lannen,
de fisken, dy't net te begripen yn 'e stream op swimme,
ja, alle dieren yn it wyld, grut en lyts.
Jou dat harren foeraazjeplakken berikber bliuwe meie
en dat de soarten bestean bliuwe.
Help ús noed te stean foar natuer en lânskip,
om sunich om te gean mei enerzjy,
om kostber wetter net te fergriemen.
Tank foar alles wat groeit en bloeit.

Hear, wy libje yn in weismetersmaatskippij
en dat wylst oaren oan it meast needsaaklike brek binne.
Betiden lykje wy krekt fretterige en roppige rûpen,

dy't nea genôch hawwe.

Mar Hear, wy wolle sa graach op jo lykje,
jo byld fertoane.

Jou dat wy, as jo gemeente op ierde, in skat yn 'e himel garje,
lit de leafde fan Kristus ryk yn ús wenje
en meitsje ús fol mei jo jefte fan it 'genôch'.

2.8 Rampen en harren gefolgen

Leafhawwende God, wy steane foar it riedsel
fan de ôfgryslieke ramp, dy't bard is yn
Safolle minskelibbens kamen yn ien kear ta in ein,
Sa'n protte rekken ferwûne, skeind, psychysk brutsen.
Wy komme by Jo, libbene God, en roppe om help.
Wolle Jo tichteby de minsken wêze, dy't hjitroch rekke binne,
jou de neibesteanden krêft.
Segenje de helperlieners.
Segenje de distribúsje fan wetter, fan iten en fan tinten.
Haw begrutsjen, Hear.

Heit fan it libben, bring josels dôchs op it aljemint
no't der sa'n ferneatigjende ramp bard is yn
Wy hâlde ús leaver de mûle by sa'n grut ûnheil en fertriet.
Ferslein tinke wy werom oan it wurd fan jo Soan Jezus
dat wy gjin hier better binne dan dyjingen dy't omkaam binne.
Is dit de spegel fan ús mienskiplike sûnden?
Wy tankje Jo foar it (grutte) tal minskelibbens dat sparre is.
Hear Jezus, Jo hawwe sein, dat wy net fan it hynder reitsje moatte troch rampen
lykas, ierdbevings, oarloggen, hongersneed of sykten.
Mar eltse kear dat it bart, steane wy wer mei de mûle fol tosken.

Mei it each op bidde wy om help foar de slachtoffers en harren famyljes.
Wês by harren, Hear, ûntfermje Jo
en brûk de hannen en fuotten fan de helpers dêr.
Lit ús yn dit barren jo fuotstap bespeure
dy't jo komst wer tichter by bringt.
By it ûngelok dat dizze wrâld troffen hat
wolle wy kleie by Jo, barmhertige God.
Minsken steane machteleas by dit natuergeweld.
In protte minsken hawwe it libben ferlern,
oaren harren leafsten en harren hawwen en hâlden.
Sjoch om nei de bern, Hear,
dy't omstrune en omtaaste tusken deaden.
Ûntfermje Jo.
Iepen by dizze ramp ús earen foar de warskôgjende sirene dy't wy hearre.
De bazune fan Jo komst.

3. Foarbea foar de tsjerke

3.1. Pastoraat en ûnderling tafersjoch, wurk fan âlderlingen

Himelske herder, Jo binne kaam om te sykjen dat ferlern wie,
en om ús as skiep by elkoar te bringen.

Jou, dat wy nei elkoar omsjogge
om elkoars lêsten te dragen
en te dielen yn elkoars bliidskip.
Wolle Jo de minsken ûnder ús stypje,
dy't Jo derta in bysûndere taak jûn hawwe.
Jou ús âlderlingen it leauwen en de bliidskip
om jo wurden fan heil te sprekken.
Set ús herten dêrfoar wiid iepen.

Barmhertige God, Jo sjogge om nei jo folk
en wy, dy't nei jo byld skepen binne,
hawwe gâns omsjen nei elkoar.
Help ús om net tsjinoer elkoar,
mar neist elkoar te stean.
Om te harkjen, nei elkoar en
te bidden foar elkoar.
Jou ús âlderlingen de moed en de krêft
om harren wurk yn de wyk te dwaan.
Jou dat se folhâlde kinne
en skink harren hillige krêft by
teloarstelling en tsjinstân.
Segenje it wurk yn de rûnten (kluften, wiken) yn it omsjen nei elkoar.

Hear, ús helper en stiper,
yn ús gebed neame wy ús âlderlingen.
Jo hawwe harren jeften yn hannen lein:
In geast fan krêft en leafde.
Wolle Jo it fjoer fan it leauwen brânend hâlde
by swierrichheden en tsjinslach.
Jou dat se harren net skamje om tsjûgen fan Jo te wêzen.
Jou dat nimmen fan ús efter bliuwt,
mar dat wy allegearre
fan ús rêder Jezus Kristus tsjûgje,
út him libje
en elkoar op dy wei meinimme en oanfjurje.

3.2. Diakonaat

Trouwe Hear, yn 'e gemeente, mar ek yn 'e mienskip
driigje minsken los te reitsjen fan harren omjouwing, fan harren sels en fan Jo.
Wy bidde foar de opfang fan en in moetingssplak foar dakleazen.
Foar de saneamde 'voedselbank' yn
foar itensprojekten.
Wy bidde foar learmiddels foar kânsearme bern,
foar budzjetbegelieding om te learen goed mei jild om te gean,
foar it ynriinhûs en foar it sliophûs hjir yn
Segenje Jo it wurk fan frijwilligers.
Segenje it wurk fan 'Red een Kind', fan Stichting 'Present', fan
Segenje ús gemeente en ús diakenen by it ferlienen fan help en stipe.

Wy tankje Jo, machtige God, dat Jo sa rynsk binne,
Jo jouwe ús libben en oerfloed.
Lit ús meidielsum wêze
yn wurd en died, yn tiid en oandacht

foar immen dy't dat mear as nedich hat,
at immen yn jildpine sit,
at immen syn baan driget kwyt te reitsjen,
at immen iensum is.

Jou dat ús diakens genôch hawwe om út dielen neffens behoefte.
Jou ek frijmoedigens om help te freegjen en om help oan te nimmen.
Jou oan ús allegearre wiisheid en de wil om te helpen en te tsjinjen.
Segenje alle help en stipe dy't yn de gemeente en de hiele wrâld jûn wurdt.

3.3. Evangelisaasje, sinding ûnder Israel en oare folken

Tinke wy oan ús doarp/stêd, Hear, dan giet it ús dwers troch it hert:
Sa'n protte minsken dy't Jo net mear kenne,
sa folle bern dy't nea fan Jo hearre,
dy't net leare om te bidden net witte wêr't se Jo sykje moatte.
Dêrom, God fan leafde, stjoer jo ljocht en wierheid nei dit doarp/dizze stêd,
troch minsken dy't it oan oare minsken fertelle wolle,
en lit ús ek meiwurkje oan de fersprieding fan jo evangeelje.
Jou dat wy jo Namme, dy't frijmakket, oan elkoar bekend meitsje.
Lit ús jo hearlikheid sjen o God en wês ús nei.

Ús Heit, tink oan de minsken yn dizze wrâld.
Sa'n protte libje los fan Jo, om't se net fan Jo heard hawwe
en dêrom foar Jo gjin frucht drage kinne.
Ja Hear, Jo hawwe ek noch skiep, net fan dizze stâl.
Bring se, yn Jezus' namme by elkoar.

Skep yn ús in nije geast om it evangeelje troch te jaan oan ús buorlju,
oan de minsken yn ús buert, oan ús kollega's.
Jou oan evangeeljewurkers en oan sindelingen de krêft
foar harren opdracht yn dizze wrâld.
Litte der genôch bibels wêze om jo ljocht skine te litten
yn alle tsjustere plakken, yn alle lannen dy't tasletten binne.

God fan it mystearje,
Únútputlik binne jo rykdom en wiisheid
en ûnbegryplik jo wegen.
Wy binne dêrom ferbûn mei Joaden en Arabieren
en wy tinke oan de wurden: earst de Joad en ek de Gryk.
Dêrom hawwe wy ek hope foar de takomst.
Wat by minsken net mooglik is, is mooglik by Jo.
Wy priizgje jo trou oan dit wurd.
Wy, jo gemeente, hoopje dat jo Messias oannaam wurdt.

(hjr kin ek bidden wurde foar de sinding ûnder Israel, sjoch ûnderdiel 2.3)

3.4. Minsken dy't ôfdwaald binne of dy't God en syn gemeente kwyt driigje te reitsjen

Ivige God, Jo binne kaam om te sykjen wat ferlern is.
Jo binne kaam om ús te rêden.
Der binne guon dy't dêr net mear fan witte wolle,
Dy't harren stoel of plak yn de bank hjirre leech litte.

Wy bidde foar harren dy't net mear nei tsjerke komme wolle,
Dy jonge dy't altyd foar ús siet,
In soan of dochter dy't neat mear meigiet,
Dy suster wêr't wy net iens fernaam hawwe, dat se net mear komt.
Hear, Jo witte wa't it binne.
Bring se werom by Jo en by ús, jo gemeente,
Sadat der bliidskip is by de ingelen yn 'e himel en by ús op ierde.
Ûntfermje Jo Heit yn 'e himel, oer jo ôfdwaalde bern.

Hear, dy't ús net loslitte sil,
der is fertriet yn ús hert om leden fan ús tsjerkegesin,
om leden dy't net mear komme, dy't it leauwen oan kant set hawwe
en de bân mei ús losmakke,
Hear, wy bidde op en nij:
Lis jo wurd yn it hert fan dizze ferlerne soannen en dochters,
lit se wer oerein komme en nei Jo werom komme.
Slach jo earms om harren hinne en bring se werom,
dan is der muzyk en wurdt der dúnse yn it heitehûs
fanwegen harren thúskommen.
Meitsje fan harren wer libbene leden fan jo gemeente.

Barmhertige God, sûnder Jo is der gjin takomst.
Stek jo hannen dôchs út nei harren, dy't Jo kwyt rekke binne.
Sykje nei jo ferlerne bern.
Helje se werom, bring se byelkoar
by Jo, by jo gemeente.
Jo sykje dôchs wat ferlern is?
Lit Jo sykjen fan it ferlerne in treast wêze foar ús,
foar âlders fan bern dy't it spoar bjuster rekke binne.

3.5. *Bibelstúdzje*

Ivige wiisheid, wy tankje Jo foar de Skriften wêryn't
Jo wiisheid fêstlein is,
wêryn't jo plan om de minske te rêden úttekene is,
wêryn't jo leafde fan begjin ta ein yn letters opskreaun is.
Jou dat wy eltse dei yn dy bibelboeken lêze en lit ús,
Heit, Jo wiisheid bewûnderje,
Soan fan God, jo leafde oanbidde,
Hillige Geast, jo wierheid ynazemje.
Jou dat wy út en troch en mear en mear
Jo kennen leare út jo wurd
en lit ús Jo folgje en ferkundigje.

Geast fan God, dy't alles yn gong set,
kom ek hjoed nei ús ta,
meitsje ús lytsman
mei jo stoarm fan stilte
mei jo azem fan leafde
sadat wy net langer hingjen bliuwe yn ús pine,
mar tichteby Jo frede fine,
by it lêzen fan jo wurd
by it hearren fan de Skriftlêzing
by it harkjen nei de ferkundiging.

Wy roppe Jo oan Hear,
om ljocht at wy de bibel iepen dogge
en in part fan de Skriften bestudearje.
Jou dat jo wurden ta ús trochkringe
betsjutting foar ús krije
en dat wy dy leare ta te passen yn ús libben.
Bewarje ús foar diskusjes fan neat en strideraasjes.
Lit ús earbiedich nei Jo takomme
en waakse yn wiisheid en leauwen.
Sjoch Hear God del op jo gemeente yn it wurk fan
ferienings en kommisjes.
Lit der leafde foar jo wurd wêze meie by ús thús en hjir yn tsjerke.
Set ús ferhalen yn it ljocht fan Jo grutte skiednis.
Help ús om net troch Jo en troch elkoar hinne te praten.
Lit jo wurd eltse dei gloednij wêze
foar wa't bidt, siket en oan de doar kloppet.
Wês in gids en learaar op ús libbenspaad.

3.6. Kategeze en jongereinwurk

Grutte learnmaster, wy freegje Jo at Jo ús wapenje wolle
tsjin oanfallen op ús leauwen
mei it harnas fan leauwen en leafde
en it iepen fizier fan de hope op rêding.
Jou dat de kategisaasjes ús jongerein tarisse meie
om hoek te stean foar harren betrouwen op Jo.
Wy bidde Jo foar de jonge dy't seit: 'k haw gjin nocht,
foar it famke dat tinkt: net nedich.
Wy bidde Jo foar de heiten en memmen
dy't de bern nei kategisaasje stjoere.
Lit al ús jongerein leare om te leauwen,
Om mei Jo fertroud te reitsjen.

Hear Jezus, Soan fan God,
doe't Jo op ierde wienen
hawwe Jo jonge minsken ta learling makke.
Meitsje ek de jonge minsken hjir yn tsjerke
ta learling, ta neifolgers fan Jo.
Stypje harren op de wei fan en nei it leauwen.
Segenje alle begelieders fan de jongeren op dy wei.

Hear Jezus, ús Messias,
Jou jongeren it entûsjasme om kristen te wêzen,
bliidskip om jo freon te wêzen.
Segenje dêrom alle kategisaasjes en oare lessen en kursussen oer it leauwen.
Eltse jongere yn 'e tsjerke mei witte
dat Jo betrouber binne,
dat Jo ûntsachwekkend binne
dy't dy stean sjocht en dy't dy helpe sil.

Heit, wy bidde Jo foar de bern,
jou dat de lytskes feilich binne yn de kres,
Jou oan de pjukken, dat se der wille oan hawwe
om in liet te sjongen foar Jo,

dat se it moai fine in ferhaal oer Jo te hearren.
Jou oan harren jo segen, yn 'e skurte fan jo gemeente.

Soan fan God, dy't bern de segen jûn hat,
wy bidde foar alle bern
en foar alle jongerein hjir yn tsjerke.
Bewarje harren yn it ferkear.
Help harren op skoalle en mei harren stúdzje.
Hoedzje en noedzje harren op de wei fan it leauwen,
lear se om op Jo te fertrouwen.

God fan psalmen en lieten,
mei ús azem sjonge wy foar Jo.
Wy bidde foar oargelisten en oare muzykmakkers,
foar dichters fan tsjerkelieten en nije psalmen.
Lit de muzyk nea ûntbrekke yn 'e tsjerke,
it himelheech sjongen fan jong en âld
ta eare fan jo grutte namme.

3.7. Tsjerklike ienheid

God fan ferhelp, hoe sear moat it Jo dwaan
dat jo bern ferstruid binne oer alderlei tsjerken.
En dat, wylst jo apostels ús oprôpen om ien lichem te wêzen.
Wy bidde om tsjerklike ienheid mei allegearre,
dy't mei ús op itselde fûnemint steane fan apostels en profeten.
Lit jo Hillige Geast de besprekkings liede,
oerwin falske tsjinstellings
dy't woartele binne yn eigen kultuer en gewoanten.
Lit jo Geast dôchs romte meitsje
foar ienheid yn trou en yn ferskaat.

Ienige God, wy meitsje ús lyts foar Jo.
Wy witte dat der oare tsjerken binne hjir yn
dêr't ek kristenen nei Jo ta komme.
Omdat wy elkoar kwyt rekke binne Hear
belide wy ús skuld,
mar foar de werom fûne ienheid sizze wy oan Jo ús tank!

Allinne mei jo help slagget it om skelen út it ferline en
Fan hjoed-de-dei oer hinne te kommen.
Wy bidde foar fierdergeande herkenning en ienheid.
Segenje de besprekkings op pleatslik en lanlik nivo,
weidzje jo skiep en wês ús herder.

Heit yn 'e himel, omdat Jo ien binne mei jo Soan en
mei de Hillige Geast bidde wy hjoed om tsjerklike ienheid.
Wy sjogge hoe't guon minsken aparte earetsjinsten belizze,
hoe't jo gemeente teskuord wurdt.
Bring ta ynkear, bring harren werom yn de namme fan jo Soan Jezus.
Just yn dizze tiid fan betizing meie wy it elkoar te binnen bringe
Dat syn lichem ien is en in protte leden hat.
Wy meitsje Jo dôchs alhiel gelokkich troch ien en mien te wêzen.
God yn 'e himmel, tank foar jo bywêzigens,

Jo geskink fan leafde yn Jezus, ús Hear.
Wy bidde Jo: Jou ús it leauwen
dat wy Him ûntfange, sa't de bibel Him oerlanget.
Jou ús befrijing yn Him,
yn swiere omstannichheden om folhâlde te kinnen,
om yn Him frij te wêzen yn diskusjes,
yn tsjinstellings, yn regels en struktueren.
Jou ús it anker yn Him,
lit ús net út it roer rinne om dêrtroch it Evangeelje kwyt te reitsjen.
It is Jo genede Hear, dat wy net yn tûzen stikken útelkoar fallen binne.
Ûntfermje Jo dôchs oer jo gemeente,
hâldt ús by elkoar yn jo segene Namme.

3.8. Tsjerkeferbân

Mei in treast hert Hear, wolle wy Jo tsjinje en nei elkoar omsjen.
Mei dat doel hawwe Jo ús elkoar jûn.
Wolle Jo ús helpe yn it gruttere ferbân fan klassis en synoade
goede tsjerklike ôfspraken te meitsjen,
goede en rjochtfeardige regelingen op te stellen,
besluten te nimmen wêr't wy mei út de fuotten kinne.
Wy bidde foar de klassisgearkomste fan kommende
*(foar de gearkomsten fan de synoade, dy't fan 'e wike begjint/
dy't no geregeldwei hâlden wurde)*
Stjoer jo Geast yn it fermidden fan de gearkomste,
fersterkje yn it hert fan de bruorren de wil om te tsjinjen.
Betroubere God,
jou dat wy betrouber wêze meie yn de taken dy't wy hawwe.
Jou wiisheid oan de manlju en froulju dy't de tsjerken tsjinje
op klassikaal en synodaal nivo en yn it taredend wurk fan
'e deputaatskippen.

Wy bidde Jo foar predikanten en âlderlingen
Dy't ôffurdige binne nei de klassisgearkomste fan ...
(fan de synoade fan)
Lit harren by elkoar wêzen liede ta it
fuortsetten fan jo wurk en ta bloei fan jo tsjerken.
Mei de tsjerke fan alle plakken hawwe wy ús leauwen beliden.
Fan út dat ferbûn wêzen mei ús sustertsjerken
wolle wy foar elkoar bidde.
Jou de tsjerken wêrmei't wy ús ferbûn witte en jou ek ús
dat wy stean bliuwe meie op it fûnemint fan
apostels en profeten yn it iene leauwen
yn Jo as ús Skepper en Heit.
God, Jo gongen foarop yn wolk en fjoer
Doe't Israel út Egypte teach.
Omdat Jo net in God fan disoorder, mar fan frede binne
hawwe Jo ús minsken jûn dy foarop gean kinne
yn tsjerklike gearkomsten.
Wolle Jo oan harren krêft en stipe jaan.
Lit de ûnderlinge bân tusken de tsjerken
in bân wêze fan frede en ienriedigens.

3.9. Teologyske Universiteit

Trouwe Hear, wy sizze jo tank foar ús Teologyske Universiteit en foar it wittenskiplik wurk dat dêr dien wurdt.
Wy tankje foar it ûnderwiis, dat dêr jûn wurde mei.
Wy drage de minsken oan jo op, dy't fanút grifformearde perspektyf ûndersyk dogge.
Wy bidde jo om jo seine oer dit wurk sa't de fruchten dêrfan yn 'e tsjerken te sjen binne.
Jou dat wy de universiteit as in geskink oannimme yn it fermidden fan de tsjerken en lit har tsjinjend wêze yn tsjerke en mienskip.
Jou ús en harren in hâlding wêryn't wy harkje wolle nei de Bibel en ek nei elkoar, en jou de moed dêr wat mei te dwaan.

Alderheechste learaar, wy wolle no ek bidde foar ús Teologyske Universiteit yn Kampen.
Lit it tal studinten tanimme.
Segenje it wittenskiplik ûndersyk dat dêr bart en segenje it ûnderwiis dat dêr jûn wurdt.
Jou harren, dy't dêr wurkje hieltiten wer nocht en wille yn harren ûndersyk nei Paulus en Lukas, nei Calvyn en Augustinus, nei tsjerke en belidenis en de betsjutting foar de 21ste ieu.
Jou dat se al harren arbeid dogge yn jo ljocht, it iennichst ljocht dat wiisheid bringt, in wiisheid dy't djipper giet as kennis.
Heit, jo wurd is in lampe boppe de tafel en in ljocht foar ûnderweis.

Yn dizze komplekse, tsjustere wrâld tankje wy jo foar ús Teologyske Universiteit.
Jou oan jonge minsken yn it hert om dêr te studearjen.
Wy tankje jo, Hear, dat der neitocht wurdt oer it plak dat jo gemeente yn ús mienskip ynnimme moat.
Wolle jo dat neitinken oan de Universiteit segenje.
Boarne fan libben, stjoer en stypje studinten en heechlearaars hjirby.

Trije-ienige God, wy bidde jo foar de teologyske oplieding oan ús Universiteit yn Kampen.
Wolle jo de krêft fan jo wurd troch de hiele oplieding hinne bewize, sa't dosinten en studinten yn 'e besnijing bliuwe troch jo genede.
Jou dêrta ek in goede gearwurking tusken studinten, heechlearaars en stúdzjebegelieders, dy't yn tsjinst steane fan ús haad, Jezus Kristus.
Jou dat se op passende wize grutsk wêze meie op jo gemeente, jo leafste eigendom.

Ljocht foar de wrâld, wy bidde foar predikanten, foargongers, en allegearre dy't jo ropping folgje yn de ferkundiging fan jo wurd.
Meitsje harren trou en wach yn de wrâld, leafdefol en fol oandacht foar de âlde teksten en ûntfanklik foar de minsken om harren hinne.
Jou reewilligens om harren tsjinst te dwaan yn it betrouwen op de komst fan jo keninkryk.

3.10 Nederlânsk Bibelgenoatskip, Bibelwurk wrâldomfiemjend

Hear, dy't ús jo wurd joegen yn skiednissen, brieven, gedichten en ferhalen,
wy bidde Jo foar it Nederlânsk Bibelgenoatskip.
Wy tankje Jo foar it wurk fan oersetten en fersprieden fan de Bibel yn 'e wrâld.
Jou, Hear, dat dit wurk fuortsetten wurde kin.
Wy bidde Jo foar it trochjaan fan jo wurd oan kommende generaasjes,
oant yn alle úthoeken fan 'e wrâld.

Jo, dy't jo wurd by de minsken bringe,
wy freegje Jo om jo seine oer it wurk fan it oersetten en fersprieden fan 'e Bibel.
Jou de oersetters wiisheid en krêft yn 'e kar fan wurden.
Jou oan de frijwilligers en de minsken dy't jild foar dit wurk besykje te garjen
wat se nedich hawwe.
Jou dat hieltyd mear minsken in eigen Bibel yn harren memmetaal yn besit krije.
Lit jo wurd safolle minsken as mooglik berikke en oansprekke.

3.11 Kristenen, dy't ferfolge wurde

Soan fan God, Jo waarden op ierde fernedere en mishannele.
Jo witte wat it is om fan eltsenien ferlitten te wêzen, om te lijen.
Wy bidde Jo foar kristenen, dy't ferfolge wurde.
Sterkje en stypje harren dy't om jo namme lije moatte,
dy't fêstsitte yn finzenissen en strafkampen,
dy't gjin Bibel hawwe meie, oan wa't it bidden ferbean is.
Wy bidde foar kristenen yn Noard-Korea, Sjina, Jemen, (Noard-)Sudan,
Iran, Somalië en oare lannen mei ûnderdrukkende rezjyms.
Wês bij harren, eltse dei opnij.

Jo, dy't nei minsken omsjogge, harkje nei ús.
Wy bidde om krêft en bliidskip foar ferfolge minsken
dy't ûnder grutte druk steane.
Jou dat se it úthâlde kinne yn it betrouwen op Jo.
Segenje de hûstsjerken, de ûndergrûnske bibelskoallen.
Wy bidde om rêst en wissichheid yn sitewaasjes fan ûnrêst en geweld.
Hoedzje en noedzje jo bern yn lannen dy't sletten binne,
dêr't it evangeelje ferbean is.

Machtige God, wy tankje jo foar in trochbraak fan it evangeelje yn
foar kontakten dy't lein wurde koene tusken kristenen ûnderling.
Jou wiisheid en beskerming oan alle wurkers
dy't jo wurd yn 'e wrâld fierders op 'en baan bringe.

3.12 Ynternasjonale tsjerklike gearwurking, (suster)tsjerken oer hiel de wrâld

Grutte God, yn it hûs fan jo skepping komme hjoed oeral jo bern byelkoar.
It jout ús bliidskip at wy dat beseffe.
Wy bidde foar de tsjerke yn de wrâld.
Jou dat sy in betroubere tsjûge is fan Jo,
mei de Hillige Geast as paadwizer.
Lit jo Namme de rêding wêze fan net-te-tellen safolle minsken.
Jou ús in goede gearwurking mei ús sustertsjerken.

Mei hiel jo tsjerke yn himel en op ierde ferienige, loovje wy jo Namme.
Boarne fan ús libben, wy steane der, ek as tsjerke, net allinne foar.
Jou ús each foar ús sustertsjerken yn 'e wrâld,
dat wy elkoar helpe en stypje
yn 'e ferdigening fan it leauwen,
yn it oer en wer ynsprekken fan moed,
yn it hanthavenjen fan de lear fan jo wurd,
om sa mei wurden en deden tsjûgen te wêzen
fan Jezus Kristus yn dizze wrâld.

3.13 Kristlik ûnderwiis

Tanke Hear, foar de bern yn tsjerke
Wolle Jo se helpe op skoalle en thús
Jou dat se feilich binne en dat se harren burgen fiele.
Jou dat se harren wei fine meie
troch it ûnderwiis dat se krije.
Lit se kreatyf wêze en warber.
Wy bidde foar learkrêften en bestjoerders yn it ûnderwiis.
Tanke wol foar skoallen en universiteiten.

Hear fan ivichheid en tiid, ús bern bringe elts jier wer
sa'n tûzen oeren op skoalle troch,
kostbere tiid, wêryn't se taret wurde op harren libben.
Jou dat it goede en learsume oeren binne.
Segenje de bern.
Jou dat se harren goed ynsette.
Sterkje de learkrêften op skoallen by de opfieding yn it leauwen
en it bybringen fan hoe'tst dy hâlde en drage moast yn 'e maatskippij.
Jou dat se harren leauwen hannen en fuotten jaan kinne yn de deistige lespraktyk.
Lit se in foarbyld wêze yn harren leafde foar Jo, harren Hear en Heilân.

Segenje de bern.
Skepper fan it libben, elts bern is unyk.
Wy bidde foar de skoallen.
Jou dat der oandacht is foar de eigenheid fan elts bern
en dat se harren talinten ûntwikkelje kinne.
Segenje de learkrêften, dat se stipe en rjochting jaan kinne.
Segenje de skoallebestjoeren.
Lit de âlders belutsen wêze by de skoallen en segenje harren dêryn.

4. Foarbea yn need / persoanlike foarbea

4.1. Gods deistige soarch, beskerming en krêft yn de kommende wike

God, Jo wolle by de minsken wenje, wat in jefte.
Wy bidde Jo dat Jo tichtby ús wêze wolle,
foar ús soargje wolle en Jo leafde oan ús jaan wolle.
Wolle Jo ús stypje yn ús dwaan en litten de kommende wike,
thús, op it wurk, op skoalle.
Jou ús goede dagen, en krêft en in foldien gefoel.
Bewarje ús ûnder jo feilige wjukken.

Leave God, wy tankje Jo foar al dy dagen
dy't Jo moai meitsje mei jo ljocht.
Lit ús beseffe, dat wy troch Jezus, jo Soan, freonen neamd binne.
Foar him wolle wy sjonge en spylje.
Mei him wolle wy oaren bliid meitsje
en wurkje oan de taak, dy't wachtet.

4.2. Rou, widdo's en widners, wezen

Hear, Jo telle ús dagen,
yn 'e ôfrûne wike is ús suster/broer ferstoarn.
Wy bidde om't wy in leech plak hawwe
yn 'e kring fan famylje en gemeente.
Wy bidde foar de famylje dy't oan it grêf stean moat/moast.
Wolle Jo krêft jaan troch it wisse witten
dat de geast fan wa't ferstoarn is werom gongen is nei Jo,
yn in bewust libben yn 'e frede fan jo keninkryk.

Wy bidde foar widdo's en widners.
Jo kenne harren, Hear, dy't allinnich binne mei harren gemis.
Wês by harren en jou dat se witte dat se droegen wurde
troch jo leafde en dy fan ús.
Help harren de dagen troch.
Treast sa allegearre dy't harren leafste ferlern hawwe en him of har misse.

Heit, wês yn jo genede by bern, dy't gjin heit hawwe,
by bern dy't harren mem misse,
by bern sûnder âlden.
Jou se minsken dy't in heit en mem wêze wolle.
Wês foar harren sels in God fan teare leafde.
Hear, nim de stien wei fan ús hert.
Lit ús leauwe yn 'e opstanning fan jo soan
en yn de wisse ferrizenis fan ús leafsten.

4.3. Houlik, houlikswierrichheden, skiedings, allinnich geanden, homo's

Hear, tankewol foar de kostbere jefte fan de leafde,
In jefte, dy't fan sa'n grutte wearde is.
Help jonge minsken rjocht en earlik te wêzen
yn it spul fan oanlûken en ôfstjitten.
Lit houliken sterk en fris wêze, grûne op leafde en trou.
Lit se útstriele dat houlikstrou mooglik èn moai is.

Wy bidde foar harren dy't allinnich troch it libben geane,
jou harren frede mei jo lieding yn harren libben.

Wy bidde jo ek foar harren dy't leafde fiele
foar immen fan it selde geslacht.
Stypje en help harren yn 'e striid mei harren sels,
mei de wrakseling mei jo wil.
Jou dat se dy ûntdekke en om Jo sizzen jaan wolle.
Meitsje jo tsjerke ta in feilich plak,
in thús, dêr't se harren sels wêze kinne.

Hâld fan ús allegearre fanwege Him, dy't foar ús stoarn is,
foar hetero's en homo's.

Hear, jo wrâld telt ek hûzen fan skieding,
dêr't minsken elkoar net mear fertrouwe en leafhawwe.
Ferhelp soks at it mooglik is, jou in opnij
oannimmen fan elkoar, in taastend begjin.
Lit helder en klear sjen dat Jo ferjouwe.
As de nacht fan skieding yn ús libben kaam is
en wy allinne fierder moatte: Hear, help ús.
It is sa swier om op dizze manier allinne troch it libben te gean,
de skea, it fertriet, de pine, de praktyske swierrichheden.
Hear, wês in skûlplak en in helper!

4.4. Berte, swier wêze, sûnder bern wêze, gesin, opfieding, misbrûk, mishanneling

Jo, dy't jo majesteit befêstigje yn 'e skreau fan in bern,
lieten yn ús fermidden berne wurde.
Wy tankje Jo foar dizze berte yn it gesin fan en
Jo hawwe de âlden bliid makke
mei dit prachtige wûnder fan jo skepping,
in bern, yn 'e memmeskurte boetsearre.
Tink oan de memmen, dy't in bern ferwachtsje.
Jou harren de krêft om te dragen,
en lit op de juste tiid it nije libben berne wurde.

Wy bidde foar al dyjingen dy't graach heit en mem wêze soenen,
Mar ûnder eagen sjen moatte dat soks miskien net barre sil.
Hope, dy't mar net ferfolle wurdt, jout hertsear.
Wol yn dy teloarstelling en pine der by wêze, Hear.
Jo namme is Jahwe, ik bin der by. Jou sterkte, geduld en frede.

Foar de gesinnen bidde wy.
Lit it sterke gesinnen wêze, dy't ljocht útstriele,
wêr't heiten en memmen harren gesach wier meitsje
en goed soargje foar bern en elkoar.
Jou wiisheid en geduld by it opfieden.
Jou de bern in feilich thús.

Wêr't minsken byelkoar wenje giet it somtiden net goed, Hear.
Wat is it slim, at krekt yn 'e gesinsfear
de leave heit in goare smjunt is,
mem en bern elkoars fijannen binne, dy't elkoar nei it libben steane.
Wiis in wei, Hear, at de bern gjin útwei sjogge,
At heit en mem it paad bjuster binne.
Help ús om elkoar te stypjen.

Jo, dy't in bern in it fermidden delsette,
en tsjin ús sizze, dat it better is yn see te fersûpen
mei in stik beton om 'e nekke bûn,
dan in bern kwea te dwaan.
Oan Jo freegje wy, help de bern yn dizze wrâld.
Se hawwe in protte te fernearen.
Jou ús oandacht en leafde foar bern

dy't Jo oan ús tabetroud hawwe.

4.5. Finansjele need

Hear, it is in ûnwisse tiid.

Wy sjogge minsken falle yn in finansjele kûle,
wy sjogge kantoaren leechstean, buro's sûnder opdrachten,
ûntslaggen, fallisseminten.

Wy bidde foar bruorren en susters dy't hjirtroch rekke binne,
dy't te lijen hawwe ûnder it wanbelied of wanbehear fan oaren,
dy't wurk en ynkommen ferlieze.

Wol harren en ús bewarje om fan liikens de fûst omheech te stekken.

Jou ús moed en geduld en meitsje ynventyf om de klappen op te heinen
en te wurkje oan in nije takomst.

Yn in tiid fan finansjele krisis

tinke wy oan de wurden fan Maria,
dat Jo rike minsken mei lege hannen fuortstjoere,
mar earmen sêdzje Jo mei goede jeften.

Meitsje dizze wurden wier, Hear,
oan de slachtoffers fan de krisis,
dy't baan of hûs kwytrekke binne,
dy't net genôch hawwe om fan te libjen.

Harkje sa nei ús gebeden dat it bliken docht dat jo help taastber is.

As Jabez bidde wy Jo

Segenje my, meitsje myn grûngebiet grutter
en beskermje my tsjin it kweade,
dat ik gjin pine hoech te fielen.

Hear wolle Jo dy minske helpe
dy't yn 'e djippte fan 'e finansjele need rekke is,
yn 'e slangekûle fan skulden, fan iensumens.

Jou ynkear,

jou minsken en ynstânsjes dy't helpe kinne
om in ferslaving om te bûgen,
om skulden te sanearjen,
om in sûn finansjeel behear foar elkoar te krijen.

Hear, tink om dyjinge,
dy't finansjele skulden makke hat,
dy't him sels ferwiten makket,
en in duvelske cocktail drinkt
fan skuld, ellinde en iensumens.

Wy kinne ús gedrach net feroarje.

Mar jo Hillige Geast kin dat wol!

Wy bidde om jo Geast fan feroaring
yn libbens dy't fêstrûn binne.

4.6. Gemeenteleden yn it bûtenlân, studinten

Heit fan dizze wrâld, wy bidde, lykas eltse snein dat wy it Nachtmiel fiere,

foar ús gemeenteleden yn it bûtenlân.
Wy bidde foaryn
en foar yn (ensfh.)
wol Jo op harren reizen nei fierens by harren wêze.

Nim ik de wjokken fan 'e moarntiid
en stryk ik del by de fierste see
ek dêr sil jo hân my liede
en jo rjochterhân my fêsthâlde.

Hear Jezus, jou dat ús 'bûtenlanners' harren wurk
dwaan meie yn it betrouwen op Jo.
Hillige Geast, wolle Jo se op harren wei liede.

Foar studinten bidde wy Jo,
jou honger nei kennis,
jou dat it leauwen waakset,
jou krêft om rjocht oerein te bleauwen,
jou wille yn it libben.
Foarmje harren yn 'e studintetiid ta
minsken fan 'e wrâld en bern fan Jo.

Jou de wurkjende jongerein krêft, nocht en wille
om fan it wurk wat moais te meitsjen.
Hilligje it hert en ferstân, sa't se by Jo bern oan hûs binne.

4.7. Sûnens en sykte, minsken yn it sikehûs, terminale pasjinten, groanysk siken, minsken dy't beheind binne

Bliuw by ús, Hear, at wy yn noed sitte om ús sûnens.
Wy drage de siken oan Jo op,
Benammen dy't al sa lang siik en wurch binne.
Wy bidde foar, dy't wachtet op opname yn it sikehûs.
Wy bidde foar dyjingen dy't fanwege spannende útslaggen
der net fan sliepe kinne.
Yn alle soarch en pine stekke wy ús lege hannen nei Jo út.
Hear, ûntferme Jo oer harren dy't oan 'e ein fan it libben kaam binne,
wy tinke benammen oan
Sy libje yn it skaad fan de dea.
Dek harren ta mei jo leafde, Heit,
At se doare om los te litten
of at se der yntins nei longerje om by Jo te kommen.
Lit jo hillige ingels harren nei Hûs ta drage.

God dy't minsken leaf hat,
Wy bidde Jo foar minsken dy't eangstich binne, psychysk lije,
dy't gjin rêst fine kinne, dy't beheind binne.
Tink om jo bern, dy't yn ynstellings en tehûzen wenje.
Wy neame ... yn
en yn (ensfh.)

Jou dat se goede soarch krije.
Wy tankje Jo foar de soarch dy't jûn wurdt.
Segenje de wurkers yn 'e soarch,

En wês mei harren dy't nachtsjinst hawwe.

Alles wat ús benearet en swier op 'e lea leit, lizze wy yn jo hannen

in ammerij fan stilte

folgje litte troch it gebed, dat Jezus ús leard hat. De gemeente kin it lûdop meibidde.

Ús Heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade;
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen